

Formulier om âlderlingen en diakens te befêstigjen

Ynlieding

De tsjerkerie hat jimme twaris de nammen fan de bruorren bekend makke dy't ta âlderling en diaken keazen binne, om nei te gean oft immen in fundearre beswier tsjin harren befêstiging yn te bringen hie. Lokkich wienen sokke beswieren net oan de oarder. Dêrom wurde dizze bruorren no yn de namme fan ús Hear befêstige.

Underwiis

As it haad fan de tsjerke soarget Kristus út de himel wei foar syn gemeente op ierde. Dêrfoar nimt Hy minsken yn tsjinst. De apostel Paulus wiist dêrop mei de wurden: *Hysels hat oan syn tsjerke guon jûn as apostels, oaren as profeten, wer oaren as evangelisten of hoeders en learaars, om de hilligen ta te rissen foar it tsjinstwurk om it lichem fan Kristus op te bouwen.*¹ As de goede hoeder² soarget hy aloan foar de keppel en stelt hy hoeders³ oan om yn syn namme de skiep te weidzjen.

(Oer âlderlingen:)

Aldsten fine wy al yn it Alde Testamint⁴; hja beklaiden dêr in liedende funksje. Yn it Nije Testamint lêze wy dat de apostels, troch de Geast fan Kristus laat, yn alle gemeenten âldsten oanstelden.⁵ Der wiene yn de ierkristelijke tsjerke âldsten dy't lieding joegen - by ús âlderlingen neamd - én âldsten dy't dêrneist preken en ûnderwiis joegen,⁶ ús tsjinners fan it wurd of predikanten. Mei harren foarmen de âlderlingen de tsjerkeried⁷. Troch de lieding fan de gemeente ta te betrouwen oan de âlderlingen en predikanten, beskermet Kristus syn tsjerke tsjin hearsksuchtich hanneljen fan inkelingen.

Oer de taak fan âlderlingen sprekt it Nije Testamint op ferskate plakken. Tegearre mei de predikanten moatte hja as hoeders de gemeente bestjoere en fersoargje⁸. Yn it foarste plak jouwe hja der acht op dat elk lid fan de gemeente him mei wurd en died gedraacht yn oerienstimming mei it evangelië.⁹ Hja sykje de leden fan Kristus' gemeente op om harren mei it wurd fan God te treasten, te warskôgjen en te

¹ Ef. 4:11,12

² Joh. 10:11

³ 1 Petr. 5:1-4; Jer. 3:15; 23:4

⁴ Ex. 19:7; 2 Sam. 5:3

⁵ Hann. 14:23

⁶ 1 Tim. 5:17

⁷ 1 Tim. 4:14

⁸ 1 Petr. 5:2; Hann. 20:28-31

⁹ 1 Tess .2:11,12

ûnderwizen.¹⁰ Hja dy't harren yn lear of libben min gedrage, wize hja teplak en hja soargje derfoar dat doop en nachtmiel net ûnthillige wurde. Op harren dy't mei sin de sûnde fêsthâlde, passe hja de kristlike tucht ta ¹¹. Yn it twadde plak soargje hja as behearers fan Gods hûs¹² derfoar dat alles yn de gemeente yn frede en yn goede oarder tagiet¹³, en wol sa as Kristus it hjitten hat. Hja tinke derom dat nimmen yn de gemeente in amt beset sûnder dêrta mei rjocht en reden roppen te wêzen. Hja helpe de predikant mei ried en died. Yn it tredde plak hâlde de âlderlingen tafersjoch op lear en libben fan de tsjinners fan it wurd. Der mei ommers gjin dwaallear ferkundige wurde en de gemeente moat oer alle bûgen opboud wurde. De apostel Paulus draacht de âldsten op wach te wêzen en derfoar te soargjen dat der gjin wolver de skieppeskuorre fan Kristus ynkringe.¹⁴ De âlderlingen sille dizze taken neikomme kinne as hja Gods wurd iverich bestudearje en harren oefenje yn it tsjinjen fan God.¹⁵

(Oer diakens:)

De skriften leare ús dat it betoanen fan barmhertigens fuortkomt út de leafde fan Kristus. Hy kaam yn de wrâld om te tsjinjen¹⁶ en ûntferme him oer mannichien dy't yn need wie.

Yn neifolging¹⁷ fan harren Hear soarge de earste kristlike gemeente dat nimmen yn harren fermidden yn krapte libbe. In elk krige nei wat er brek wie¹⁸. De Hear ropt no ek op ta it betoanen fan gastfrijens, offerfeardigens en barmhertigens om swakken en dy't help nedich hawwe folop diele te litten yn de blydskip fan Gods folk.¹⁹ Yn de gemeente fan Kristus mei nimmen sûnder treast libje yn sikens, iensumens of earmoed. Mei it each op dat tsjinstber wêzen hat Kristus diakens oan syn gemeente jûn.²⁰ Wy lêze hoe't de apostels spesjale amtsdragers kieze lieten, doe't hja sels net mear by steat wienen al it wurk sa't it hearde nei te kommen.²¹ De diakens moatte derfoar soargje dat de helpferliening yn en troch de gemeente goed ferrint.²² Hja sykje de gemeenteleden thús op om harren op de hichte te stellen fan harren muoite of om harren ta it betoanen fan help oan te trunen. Hja ynventarisearje de gaven fan de gemeenteleden en sette dy yn dêr't dat nedich is. Boppedat sammelje hja de jeften út de gemeente yn,

¹⁰ 1 Tess. 5:14; Tit. 1:9

¹¹ Mt. 18:15-18

¹² Tit. 1:7

¹³ 1 Kor. 14:33

¹⁴ Hann. 20:28-31

¹⁵ 1 Tim. 4:7,8; 2 Tim. 3:16,17

¹⁶ Mk. 10:45; Luk. 22:27

¹⁷ Joh. 13:15

¹⁸ Hann. 2:45; 4:32-37

¹⁹ Mt. 25:31-46; Rom.12:13; Hebr. 13:2,16; 1Petr. 4:9; Deut. 14:28,29; 16:11,14; 24:19-21

²⁰ Fil. 1:1; 1 Tim.3:8-13

²¹ Hann. 6:1-7

²² Hann. 11:29; 2 Kor. 8:9; 1 Tim. 5:16; Rom. 12:8

behearje dy en dele dy yn de namme fan Kristus út. Hja bemoedigje harren dy't de leafdejeften fan Kristus ûntfange, mei it wurd fan God. De hillige Geast bringt ienheid yn de gemeente en lit dy ûnderfine oan it hillich nachtmiel. De diakens spanne harren der mei wurd en died foar yn dat dy ienheid sichtber wurdt yn de ûnderlinge leafde.²³ Sa sille wy as gemeente groeie yn leafde foar elkoar en foar alle minsken.²⁴

Befêstiging

Beminde bruorren, jimme steane klear om it amt op jimme te nimmen. Ik freegje jimme de folgjende fragen te beantwurdzjen foar God en syn hillige gemeente:

Binne jimme derfan oertsjûge dat God sels jimme troch syn gemeente ta dizze tsjinst roppen hat?

Nimme jimme de skriften fan it Alde en Nije Testamint oan as iennichst wurd fan God en de folsleine lear fan de ferlossing, en wize jimme alles ôf wat dêrmei yn striid is?

Sizze jimme ta dêrneffens jimme amt trou te besetten en jimme dêrby mei ûntsach foar God yn hiel it libben hâlde en drage sille?

Sizze jimme ta jimme jim ûnder de tsjerklike tucht del te jaan neffens de tsjerkeoarder, as jimme yn lear of libben sûndigje?

Wat is dêrop jimme antwurd? (ja)

Segen

Mei de almachtige God en Heit jimme jaan dat jimme dizze tsjinst trou en mei goed resultaat wier meitsje sille. Amen

²³ 1 Tess. 3:12; 2 Petr. 1:7

²⁴ Gal. 6:10

Opdracht

(oan de âlderlingen)

Bruorren âlderlingen, bestjoer de gemeente mei tawijing tegearre mei de tsjinners fan it wurd.

Gedraach jimme as hoeders oer de keppel fan God as jimme treaste en warskôgje²⁵.

Tink derom dat de gemeente bliuwt by de suvere lear en dêrút libbet.²⁶ Nim it jimme nei wat de apostel Petrus skriuwt: *Hoedzje de keppel fan God dy't by jimme is, en sjoch derop ta, net omdat it no ienris moatten is, mar fan herten, lykas God dat wol, en net om der op skandalige wize oan te fertsjinjen, mar reewillich. Besykje net de baas te spyljen oer de minsken dy't jimme tabetroud binne, mar wês in foarbyld foar de keppel.*²⁷

(Oan de diakens)

Bruorren diakens, lit jimme tawijing sjen en wês aktyf by it ynsammeljen en behearen fan de jeften út de gemeente en by it ynventarisearjen en ynsetten fan de gaven yn de gemeente. Lit it allegearre te'n goede komme oan wa't help nedich hat. Bemoedigje en help elk dy't yn soargen libbet of iensum is. Jou sa oan de gemeente in goed foarbyld fan de ûnderlinge soarch dêr't Kristus ús allegearre ta opropt.

(Oan de âlderlingen en diakens)

Wês allegearre trou yn jimme tsjinst. Hâld fêst oan de ferburgenheid fan it leauwen, mei in suver gewisse.²⁸ Dan sille jimme oansjen krije en kinne jimme troch jimme leauwen yn Kristus Jezus frijmoedich spreke²⁹ en binne jimme wolkom by it feestmiel fan jimme Hear.³⁰

(Oan de gemeente)

En jimme, bruorren en susters dy't God leaf hat, ûntfang dizze mannen as tsjinners fan God³¹. Erken de âlderlingen as opsjoggers en hoeders fan de gemeente. Achtsje harren heech om harren wurk. Harkje nei jimme liederen en skik jimme nei harren, want hja weitsje oer jimme libben en sille dêr ek rekkenskip fan ôflizze moatte. Soargje derfoar dat hja harren taak mei blidens neikomme kinne, sadat hja gjin reden ta

²⁵ Ezech. 33:6,7; Jer. 6:17; Jes. 62:6

²⁶ Hebr. 13:17

²⁷ 1 Petr. 5:2,3

²⁸ 1 Tim. 3:9

²⁹ 1 Tim. 3:13

³⁰ Mt. 25: 21

³¹ 1 Tess. 5: 12,13

kleien hawwe: dat soe jimme wis net te'n goeden komme.³² Soargje dat de diakens de middels hawwe om harren wurk te dwaan. Wês goede rintmasters oer wat de Hear jimme tabetroud hat en wit jimme yn de gemeente fan Kristus roppen om te tsjinjen. Lit elk yn de gemeente dy't yn need sit, tankber de help oannimme dy't Kristus troch de diakens jaan wol.

Gebed

Hear God, himelske Heit, wy tankje jo, dat jo ús âlderlingen en diakens jûn hawwe dy't fol fan jo Geast binne om jo gemeente op te bouwen. Ferlien harren hieltyd mear de jeften dy't hja nedich binne: wysheid, frijmoedigens, barmhertigens en ûnderskiedingsfermogen sadat elk syn amt sa beset as jo dat freegje. Jou harren jo genede, sadat se harren tsjinst trou ferfolje sûnder dat se harren ophâlde litte troch muoiten en fertriet. Segenje ús as gemeente, dê't hja oer steld binne. Lit elk fan ús harren ûnder de goede warskôgings deljaan en harren earje om harren amt. Jou dat wy elkoar ynlik leafhawwe. Soargje derfoar dat wy de diakens mei blydskip alles jouwe wat sy nedich hawwe om de help dy't hja ferliene wolle ek werklik jaan te kinnen. Wy bidde jo: ris ús troch de tsjinst fan dizze amtsdragers ta foar it wurk yn jo tsjinst, sadat it lichem fan Kristus opboud wurdt. Ferhear ús, barmhertige Heit, troch jo beminde Soan, ús Hear Jezus Kristus. Yn syn namme bidde wy jo:
(it Us Heit, sprutsen of songen).

³² Hebr. 13:17